

Nei de ledegearkomste op 18 april 2019 wie de earste aktiviteit fan Fuort Mar Los de presintaasjejûn op 11 septimber 2019. Dêrnei de sutelaksje op 25 septimber

Wat it bestjoer oanbelanget: Sjierkje hat yn oktober 2019 oanjûn graach earder út it bestjoer te wollen troch persoanlike omstannichheden. It bestjoer bestiet no út: Peter, Jan Rinse, Halbe, Baukje

Toanielseizoen 2019-2020

Troch de lêskommisje wie dit jier 'De kat yn de kelder' fan Pol Anrys útsocht. Trudy de Vos wie frege foar de regy en de spilers wienen: Geert Couperus, Rigt Bergsma, Akke Veldman, Boudewijn Kramer, Baukje de Jong, Karin Sjaarda, Berend Santema, Siebolt Bouma, Hendrik Sweering. Elisabeth Breeuwsma wie assistint regisseur.



Koarte ynhâld fan it stik: Majoar Evarist Tanghe lit, bot tsjin de sin fan syn 'soere' suster Serafine, de kânsearme húshâlding De Kat tydlik yn de kelder fan syn hûs wenje, yn ôfwachting fan in sosjaal appartemint. De famylje De Kat, dy't bestiet út heit Felix, mem Sylvia, skoandochter Kim en beppe Madeleine lûkt ynearsten mei tsjinsin by de majoar yn, mar dat slacht hielendal om as bliken docht dat it hûs fan de majoar neist in bankgebou stiet. Felix sjocht ynienen allegearre mooglikheden....

Yn septimber binne de repetysjes úteinsetten, de foarstellingen wienen pland op 28 en 29 febrewaris 2020

Wat de jongereinfoarstelling oanbelange hie de lêskommisje de ienakter 'Om op te fretten' fan Marieke Nijmanning útsocht.

Op 30 oktober is de jongerein úteinsetten mei de 1e repetysje ûnder lieding fan Theresia Zeinstra.



Koarte ynhâld fan it stik: It is basearre op besteande ferhalen. Moaie klassikers, dy't hjir trochinoar hutsje binne en in nij jasje krigen ha. Tegearre foarmje se in nij ferhaal. Wêryn pasteitsjes bakt wurde fan minskefleis, manlju en froulju inoar de holle gek meitsje en it skjintem-ideaal foar swiete koeke slikt wurde. Wat der ek bart: de pasteitsjes, de swiete koeke en de froulju en manlju binne allegearre om op te fretten, oant se der net mear binne, fansels.

Spitigernôch goaide de coronakrisis roet yn it iten en binne de beide foarstellingen net trochgien. De bedoeling is om it oare jier alles wer op te pakken. De measte saken binne al regle wat dekor, stikken, tariedingen oangiet. Dat sil dus grif slagje as der gjin ûnferwachte tsjinfallers binne.

Fuort Mar Los spilet 'DE KAT YN DE KELDER', in klucht fan Pol Anrys.

Der falt in protte te laitsjen om it nije stik fan Fuort Mar Los. Set dêrom fêst de datum fan de foarstellingen yn jim aginda! Freed 28 en sneon 29 febrewaris 2020.

f.l.n.r boppeste rige: Boudewijn, Akke, Berend, Rigt, Ype

ûnderste rige: Elisabeth, Siebolt, Baukje, Geert, Karin en regisseuse Trudy de Vos



FUORT MAR LOS SPILET:

DE KAT YN DE KELDER

FAN POL ANRYS - FRYSKJE OERSETTING: GURBE DIJKSTRA

28 EN 29 FEBR
20.00 OERE
KAFEE BERGSMA



regy: Trudy de Vos, assistint-regy: Elisabeth Breeuwsma, lûd/ljocht:
Wouter vd.Wal, spilers: Geert Couperus, Rigt Bergsma, Akke Veldman,
Boudewijn Kramer, Karin Sjaarda, Berend Santema,
Siebolt Bouma, Hendrik Sweering, Baukje de Jong.


toanielferiening
FUORT MAR LOS
EASTEREIN

Persoanen:

Feliks de Kat: Boudewijn Kramer
Sylvia de Hont: Karin Sjaarda
Madeleine de Kat: Rigt Bergsma
Kimberley de Kat: Geert Couperus
Sven Peters: Siebolt Bouma
Majoar: Berend Santema
Serafine: Akke Veldman
Mefrou Smets: Baukje de Jong
Roger Smets: Hendrik Sweering

Regy: Trudy de Vos
Assistint-regy: Elisabeth Breeuwsma
Lûd en ljocht: Wouter van der Wal



JONGEREINTOANIEL

FUORT MAR LOS EASTEREIN SPILET



OM OP TE FRETEN

Nei in stik fan M. Nijmanting

Tagong bern: € 3,-
Folwoeksenen: € 5,-

Freed 27 MAART & Sneon 28 MAART
20:00 BERGSMA EASTEREIN